

# Teake Oppewal Bouwe oan de Fryske literatuer

Hast 25 jier wie Teake Oppewal koördinator Fryske literatuerbefoarding. De wurknimmer fan Tresoar mocht in strukturele bydrage jaan oan de groei en bloei fan de Fryske literatuer. Juster naam er ôfskied.



Teake Oppewal, oant juster koördinator Fryske literatuerbefoarding, hie ge

**T**olve oere. Yn de Gysbert Japixseal fan Tresoar hellet Teake Oppewal (1952) syn fjouwer stikjes bôle út in plastiken pûdsje. Iterstiid. Noch trije dagen, dan komt der in ein oan dit ritueel...

Hy jout daliks ta. It is in raar gefoel om no op Tresoar om te rinnen. Dit Frysk Histoarysk en Letterkundich Sintrum wie sûnt 2002 syn plak neidat it Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum dêryn oppie. Sa graach hie er alle triedsjes ôfbreidzje wolle, mar dat kin dus net. „En dat is net sa maklik foar dizze ‘homo faber’”, glimket er, „de minske dy’t oppiet yn syn wurk en dat geweldich fynt.” Lokkich koe er it proses fan it gearstallen fan it samle wurk fan de dichter Tsjebbe Hettinga (1949-2013) noch hielendal ôfmeitsje. Yn april fan dit jier kaam *Het vaderpaard/It faderpaard* út, mei alle gedichten fan de Burgwerter yn in Frysk-Nederlânske útjefte. Oppewal koördinearre de boel en soarge tegearre mei Tsead Bruinja ek foar rûge Nederlânske oersettings fan it wurk fan Hettinga. Sa koe dichter Benno Barnard der kreaaze Nederlânske oersettingen fan meitsje. Noch krekt op ‘e tiid is it manuskript klear fan in nije trijetalige blomlêzing fan Obe Postma, de ferneamde dichter út Koarnwert. Dy ferskynt begjin oar jier by Wijde-meer. Mar it ferfolch op *In hōf fol sang...* in koart oersjoch fan de Fryske literatuerkiednis, dat Joke Corporaal oan it skriuwen is, moat er út hannen jaan.

Wat hat er dêr oars altyd in wille oan hân: boeken meitsje. „Om it sa te strukturearjen dat der ienheid yn komt.” It boek *Zolang de wind van de wolken waait, geschiedenis van de*

*Friese literatuur* út 2006 wie wat dat oanbelanget in topper. „Fan it begjin oant de ein mocht ik it Wolkeboek koördinearje.” De ôfrûning yn febrewaris 2006 heucht him noch goed. „Twa dagen lang siet ik by de opmakker fan Elgraphic yn Skiedam. Dy hie it boek al rûch yn elkoar set, mar no moasten de puntjes op de i. Dy foto moast krekt wat grutter, of krekt op in oar plak. Echt prachtich wurk.” Dy krektens tekenet Teake Oppewal. Soarchfaldich kiest er syn wurden, heakket noch efkes wat ta oan earder sizzen. Ljochtet ta, analysearret, weaget syn wurden nochris op syn skeal. As syn boadskip mar helder is.

## Ontploft

Teake Oppewal (Droegeham, 1952) like oanfanklik de bêta-kant út te gean. „Tsjien jier wie ik doe’t ik it boek *Onze vriend, het atoom* (1959) fan Walt Disney yn hannen krige. In prachtich boek oer de ûntwikkeling fan de natuerwittenskip.” It kaderferhaal giet oer in fisker dy’t in krûk fynt. As er de stop fan ‘e flesse docht, blykt der in lilke geast yn te sitten. De fisker rêdt it op om de geast der wer yn én ûnder de toemme te krijen. Boadskip: as jo atoom-enerzjy behearskje, dan kinne jo der mei wurkje. Oppewal: „In propagandistysk ferhaal fansels, dat yn in hiel oar ljocht kaam te stean doe’t *Silent spring* (1962) fan Rachel Carson útkaam, it boek dat it begjin fan de milieubeweging foarmje soe.”

Mar dêr wie Teake doe net mei dwaande. Dy hie it foaral drok mei syn proefkes. Wikenlang hie er in pot fol mei selsmakke buskrûd op syn keamer te stean. „Op in nacht is er ûntploft. Ik wit noch hoe’t de keamer ynienen opljochte. Flak dêrnei wie der in knal. Ik haw doe mar gau it sliepkeamersrút iepen-